Slavernij: 1

1e lêzing: Jeremia 34: 8-22
2e lêzing: Jehannes 8: 31-36

Gemeente fan ’e Hear,

It is ôfskaft mar bestiet noch altyd: slavernij. Minsken dy’t net baas binne oer har eigen lichem, dy’t en gean en stean kinne wêr’t se wolle. Yn ’e regel is har lot net te fergunnen.

Wat wy meskien net ferwachtsje soene, is dat de Bibel de slavernij net mei ham en gram feroardielet. Yn ’e Bible wurdt de slavernij akseptearre as in part fan ’e maatskippij fan doe. Slavernij hearde by it ekonomyske systeem. As ien syn skulden net ôfbetelje koe, om hokker reden ek - dan wie slavernij de ‘regeling’ dy’t it mooglik makke, dat de skuldeasker dochs noch wat weromkrige. Jo hiene altyd jo lichem noch, jo krêften. En dy stiene dan ta in oar syn foldwaan.

Mar de Bibel is al kritysk. As iennichste yn dy hiele wrâld fan ’e Aldheid, dêr’t slavernij hiel gewoan wie, seit de Bibel: alles goed en bêst, mar jo meie net *altyd* slaaf bliuwe. Slavernij koe in oplossing wêze - der moast brea komme foar de skuldner, en de skuldeasker moast dochs wat weromsjen fan syn liening. Mar der moat ek perspektyf bliuwe, útsjoch. Want in skuld betelje jo mei arbeid fansels samar net ôf, en de measte slaven bleaune har libben lang slaaf, en de bern krekt sa. Dàt mei net, seit de Bibel. Dy slavernij mei noait mear as tydlik wêze. Der komt in begrinzing op. Jo meie noait langer as sân jier slaaf wêze, en dêrnei moat der wer in nije kâns komme. Der moat frijheid wêze, ek *yn* de slavernij. Dat is it wêzen fan de bibelske regel: jo meie net *altyd* slaaf bliuwe. Jo meie wol slaaf wêze - tsjinner - of feint - fan elkoar, mar jo meie gjin slaaf wurde fan ’e slavernij.

Ik sei al, dy regel is unyk. Sa unyk, dat dy regel sa goed wy witte net faak, meskien wol sa goed as nea, tapast wurden is. De regel stiet wol neamd yn 'e Bibel. Mar der stiet eins nea: Doe en doe wit it jier, dat de slaven frijlitten waarden. Of: Dy en dy liet syn slaven frij, want it wie it jier fan ’e frijheid. Ja, ien kear, dat is it stik dat wy no lêzen hawwe út Jeremia.

Mar dat is dan ek in spesjale sitewaasje. De slaven wurde nammentlik net frijlitten, omdat it it sande jier is, mar omdat de stêd belegere wurdt. Yn tiid fan honger hat men gjin ferlet fan slaven. En boppedat: frije minsken kinne helpe by de ferdigening. Allinnich ... de fijân wie fuort, en de slaven waarden wer finzen nommen. De maatregel wurdt wer weromdraaid. De wet is goed, mar de minsken koene better.

Jezus seit: dy’t yn My leaut, is gjin slaaf mear. Dat wol op ’en nij net sizze, dat Hy de slavernij as diel fan it ekonomysk systeem ôfskaft. Jezus komt ek slaven tsjin, en Hy lit se gewoan slaaf bliuwe. Wy witte fan in slaaf, dy hie it Evangeelje heard, en tocht: No bin ik frij! Hy giet hielendal bliid nei Paulus, mar Paulus stjoert him wer werom nei syn baas.

It Evangeelje betsjut net: it ekonomyske systeem wurdt ôfskaft. It betsjut al: it systeem wurdt oan bannen lein, begrinze. It kin sa gean yn it libben, dat jo by ien yn ’e skuld steane, en dan steane jo ek echt yn ’e skuld. Dy kinne jo samar net fuortpoetse, dy is echt. Jo binne dy oar wat ferskuldige, en der moat in regeling komme. Allinnich: minsken meie gjin slaaf wurde fan dy regeling. Gjin slaaf fan it systeem.

Soe dat it ek wêze, dat it Evangeelje yn ús dagen aktúeel meitsje kin? Hoefolle minsken binne der net, dy sitte mei hannen en fuotten fêst oan in bedriuw, oan in skuld, oan in systeem. Wat soene wy as tsjerke dy minsken te sizzen hawwe kinne?

Amen.

Slavernij: 2

1e lêzing: Jehannes 8: 31-36
2e lêzing: Romeinen 6: 15-23

Gemeente fan ’e Hear,

Slavernij: in systeem dat de mooglikheid joech, om skulden ôf te beteljen mei jins lichem. Nammers: ek kriichsfinzenen trof dat lot. As jo finzen nommen wiene yn ’e oarloch, hiene jo gjin rjochten mear. Jo wiene yn macht fan ’e fijân, en dy koe mei jo dwaan en litte wat er woe. De essinsje fan alle foarmen fan slavernij is: jo koene net fuort. De Bibel seit, fan ’e tiden fan Moazes ôf: dat systeem moat beheind wurde, begrinze. Oars wurdt it misdiedich. Slaaf wêze fan elkoar, dat kin foar in tiid. Mar slaaf fan in systeem, dat giet tsjin God syn bedoeling yn.

It leauwe fan ’e Bibel is in leauwen oan en yn frijheid. Jo moatte fuort komme kinne, in nije start meitsje. Jezus preket dat, en hy krijt tsjinlûd. De foaroanmannen fan it Joadske folk sizze: Frijheid? Wy hawwe noch nea ûnder in oar stien!

Ik moat dan suver tinke oan ’e âlde Friezen, dy’t ek fan harsels seine: wy geane mar foar ien op knibbels, en dat is God allinnich. Wy hawwe noch nea ûnder in oar stien. Frije jonges, krekt as de Joaden út Jezus syn dagen.

En dêr sit ek wat yn. Wy hawwe faak it byld by ús fan ’e slavernij út ’e tiid fan ’e koloanjes, dat der minsken út Afrika helle waarden om op oare plakken slavewurk te dwaan, mei alle wreedheid en sadisme dy’t dêrmei anneks gong. Mar folle earder wie hjir yn Europa ek slavernij, sûnder dat dêr minsken foar út oare lannen helle waarden. Dat wie de tiid fan it féodalisme: alle lân wie yn eigendom fan in kening of in heech figuer fan adel, de boer hie it rjocht om it lân te bewurkjen en dêrfan te iten, mar moast wol alle jierren safolle hier opbringe. Gong dat in kear ferkeard, dan waard de boer mei syn hiele húshâlding slaaf, of liifeigene: se koene dan net mear fan it lân ôf, it wiene sis mar libbenslang ferplichte pachters, en op in gegeven stuit krigen se ek allegear ûnsinnige ferplichtingen oplein.

It is wier bard, dat boeren drok oan it haaien wiene omdat der min waar oankaam, en de baron siet te klavesimbelspyljen yn syn kestiel, en fûn dat de kikkerts wat te lûd kweaken. It is wier bard, dat sa’n baron in lakei nei de boeren tastjoeren, mei it boadskip: Lit dat hea mar lizze, jimme moatte nei it kestiel, yn ’e slotgrêft, en kikkerts fange. Dêrom is it mei de Frânske revolúsje op guon plakken ek sa mâl gien.

Hjir yn Fryslân, en yn ’e hiele kuststripe fan Nederlân, hat dat nea sa west. De iene wie wol riker as de oare, mar dizze foarm fan slavernij hat hjir net bestien. Dêr komt it idee wei, dat alle Friezen frij wiene: net ien wie slaaf fan de oare. Net omdat wy safolle better as ferstanniger binne as oaren, mar troch de see. Dy makket it lân hjir sa ûnfoarstelbere fruchtber, dat der altyd foar elk genôch is, as jo mar wurkje wolle. Net ien hoecht hjir slaaf te wêzen, omdat de grûn sa ryk is. Net ien hoegde hjir om te kommen, en elk dy’t woe, mocht fuort om it op in oar plak te pebearjen.

Friezen en Joaden: frije jonges, mei slavernij allinnich yn ’e rest fan ’e wrâld? Dat soe te moai wêze. Dan rekkenje wy ek bûten de sûnde. Dêr komt gjin minske ûnder út. Sûnde is alles dat jo dogge, mei opsetsin of sûnder kwea bedoelen, dêr’t Gods bedoeling troch bûten byld rekket. En it aparte is: dat ferslavet. Dat jildt net allinnich foar ferkearde gewoanten, dingen dy’t jo lichem of jo siel ferniele. Dat jildt ek foar haat en ûnrjocht, geweld en misbrûk. Dêr wurde jo as minsken meiinoar minder fan, en de gefolgen kinne wy sels net út ’e wrâld wei helpe. Sjoch nei it geweld op ’e plakken dêr’t it no mis is. Dat komt net wer goed. Dat is sûnde: God syn bedoeling ferdwynt bûten byld, en de gefolgen reitsje wy net wer kwyt. Wy sitte deroan fêst, krekt as oan slavernij. Net Gods bedoeling, net ús goeie ynset, mar de gefolgen fan ’e kearen dat it ferkeard giet - dy bepale hoe’t it yn ús libben giet.

It bysûndere fan Jezus syn boadskip is, dat Hy ús taseit dat Hy de macht fan dy ferslaving brekke kin. En dat wy by Him de kâns krije om op ’en nij te begjinnen. Dat wol net sizze dat wy de gefolgen fan it ferkearde ynienen wol de wrâld út krije. Mar dat wy middenyn in wrâld, dy’t fêstsit oan de gefolgen fan it ferkearde - middenyn dy wrâld, kinne wy dochs frij wêze. Us takomst wurdt der net langer troch fêstlein.

Dat luts yn it begjin fan de tsjerke de minsken, en dêrom kamen safolle op Jezus ôf. Hy makke de minsken los, frij, helle se út ’e macht fan it ferkearde. Dyselde wûnders diene syn learlingen soms ek. Mar noch folle wichtiger wie: se joegen minsken in nije menier fan libjen sjen, dy’t net langer bepaald waard troch it ferkearde, mar allinnich troch de leafde fan God.

Gemeente, hoe’t dat presys west hat, is sels nei ieuwen en ieuwen fan histoarysk ûndersyk noch in riedsel. Mar it stiet fêst, dat midden yn dy heidenske maatskippij, minsken dy’t oan Jezus Kristus leauden, dy rûnen derút. Se seagen it oan jo, as jo kristen wiene. Wêr seagen se dat oan? Net oan de klean, net oan it sneins nei tsjerkegean - dêrfoar wie it groepke fierstente lyts, soks foel yn ’e massa net op. Wat opfoel, dat wie in nije menier fan libjen.

En soms tink ik: sil de tsjerke hjir yn ús maatskippij fan betsjutting bliuwe, dan moatte wy meskien wol op ’en nij op syn nei in ôfwikende menier fan libjen. Dat de minsken oan ús sjen kinne, dat wy leauwe. Dat by bepaalde dingen net dogge, dy’t alle oaren wol dogge. En dat wy dingen wol dogge, dy’t oare minsken net dogge. En ik wit sa ek net wêr’t ik dat sykje moat. Us hiele maatskippij is ommers trochkrûpt fan kristlike noarmen en wearden. Mar oan ’e oare kant: dy noarmen en wearden kinne net keare, dat wy meiinoar fêstsitte oan de gefolgen fan it ferkearde.

Sille wy as tsjerke fan betsjutting bliuwe, of op ’en nij wurde, yn de maatskippij fan no, dan moatte wy op syk nei in menier fan libjen, dy’t wat sjen lit fan de frijheid fan it Evangeelje. Dêr leit op dit stuit de grutste útdaging foar ús meiinoar as tsjerke fan Jezus Kristus.

Amen.